

Fries Frisian Frysk

Ferjouwenis ûntfange? Hoe kin ik ferjouwenis fan God ûntfange?

Handelingen 13:38 seit, "Dêrom, myn broers, wol ik dat jimme witte dat, troch Jezus, ferjouwenis fan sûnden oan jimme jûn wurd."

Wat is ferjouwenis en wêrom bin ik it nedich?

It wurd "ferjaan" betsjuttet de laai skjin te feagjen, om te ekskusjearje, om in skuld te skrappe. As wy ien ferkeard dogge, sykje wy harren ferjouwenis om de relaasje te werstelle. Ferjouwenis wurd net jûn omdat in persoan it fertsjinnnet om ferjoen te wurden. Ferjouwenis is in handeling fan leafde, genade, en graasje. Ferjouwenis is in beslút om immen neat tsjin te hâlden, ondanks wat se dy dien ha.

De Bibel fertelt ús dat wy altemaal de ferjouwenis fan God nedich binne. Wy ha altemaal sûnden begien. Preker 7:20 seit, "Dêr is gjin oprjochte man op de ierde die 't docht wat goed is en nea sûndigt." 1 Jehannes 1:8 seit, "As wy bewearje dat we sunder sûnde binne, ferloochenje wy ús sels en is de wierheid net in ús." Alle sûnden binne úteinlik in handeling fan rebelly tsjin God (Psalmen 51:4). Hjir troch, binne wy God's ferjouwenis wanhopig nedich. As ús sûnden net wurde ferjûn, sille wy de konsekwinsjes fan ús sûnden tot yn'e ivichheid lije (Mattheus 25:46; Jehannes 3:36).

Ferjouwenis – Hoe krij ik it?

Gelokkich is God leafdefol en genadig – Hy wol ús graach fan ús sunden ferjaan! 2 Petrus 3:9 fertelt ús, "...Hy is geduldich mei dy, wol net dat immen ferdwinet, mar dat elken ien tot berou komt." God ferlangt om ús te ferjaan, dus hat Er yn ús ferjouwenis foarsjoen.

De ieniche juste straf foar ús sûnden is de dea. De earste helte fan Romeinen 6:23 ferklearret, "Omdat de straf foar sûnden de dea is..."; iviche dea is wat wy troch ús sûnden fertsjinne ha. God, in Syn perfekte plan, is in minske wurden – Jezus Kristus (Jehannes 1:1,14). Jezus is oan it krús stoarn, dermei de straf nimmend die wy fertsjinje – de dea. 2 Corintiërs 5:21 leart ús, "God makke Him, Hy dy gjin sîn hie om foar ús sûnden te wêze, sadat wy yn Him de rjochtskepenens fan God wurde kinne." Jezus stoar oan it krús, dermei de straf nimmend die wy fertsjinje! As God, ferjoeg de dea fan Jezus ús foar de sûnden fan 'e heule wrâld. 1 Jehannes 2:2 stelt, "Hy is it ferbazende offer foar ús sûnden, en net allinich foar dy fan ús, mar ek foar de sûnden fan de heule wrâld." Jezus stie op út 'e deaden, ferkundigde Syn fjochtwinst oer sûnde en dea (1 Corintiërs 15:1-28). Priisgje God, troch de dea en it opstean fan Jezus Kristus; de twadde helte fan Romeinen 6:23 is wier, "...mar it geskink fan God is ivich libben troch Jezus Kristus ús Hear."


Wolst dyn sûnden ek ferjûn hawwe? Hast in seurend gefoel fan skuld dat mar net foartgjit? Ferjouwenis fan dyn sûnden is ferkrijber âst dyn fertrouwen yn Jezus Kristus as dyn Rêdder pleatst. Efeziërs 1:7 seit, "Yn Him hawwe wy, troch Syn bloed, ôflossing fan sûnden, dy't oereinkomme mei de rykdommen fan de graasje fan God." Jesus betelle ús foar ús sûnden, sadat wy ferjûn kinne wurde. Alles watst dwaan moast is om God te freegje dy troch Jezys te

ferjaan, as 't leauwst dat Jezus Syn libben jûn hat om foar dyn sûnden te beteljen – en Hy sil dy ferjaan! Jehannes 3:16-17 befettet dizze prachtige boadskip, "Omdat God de wrâld sa leafhie dat Er Syn ieniche Soan jûch, sadat wa yn Him leauwt net ferdwine sil, mar ivich libben ha sil. Omdat God Syn ieniche Soan net de wrâld yn stjoerde om de wrâld te feroardieljen, mar om de wrâld troch Him te rêden."

Ferjouwenis – is it echt sa maklik?

Ja, sa maklik is 't! Do kinst gjin ferjouwenis fan God fertsjinje. Do kinst net foar God's ferjouwenis betelje. Do kinst it allinich krije, troch fertrouwen, troch de graasje en de genade fan God. As Jezus Kristus as dyn Rêder wolst oanfurdigje en ferjouwenis fan God krije wolst, is hjir in gebed datst brûke kinst. It sizzen fan dit gebed of elk oar gebed sil dy net rêde. (God ropt ús wol om syn wil te dwaan en syn wurd te sykjen. Mar dat is net ús heil, mar wy dogge it mear in tank) It is allinich it fertrouwen in Jezus Kristus dat ferjouwenis fan sûnden kin jaan. Dit gebed is simpelwei in manier om God witte te litten datst fertrouwen yn Him hast en om Him te betankje foar dyn ferjouwenis. "God, ik wit dat ik tsjin Jo sûndige hawwe en dat ik straf fertsjinje. Mar Jezus Kristus hat de straf die't ik fertsjinje op Sich nom, sadat ik troch fertrouwen yn Him ferjûn koe wurde. Ik pleats myn fertrouwen yn Jo for rêding. Tige dank foar Jo prachtige grasje en ferjouwing! Amen!"

Ik hoopje: dat Jo kieze om Jezus Kristus as Ferlosser te nimmen !!



WWW.GABBERTIJD.NL
IS VERANDERD ALSO ENGLISH